

Skitterje en skûlje

Jimladream, it libben fan in bipolêre dichter

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 733 4

1e printinge 2025

© Gedichten: Jacobus Q. Smink

© Proaza: Marian Hulshof - www.marianhulshof.nl

Oersetting Frysk-Nederlânsk fan de poëzy: Marian Hulshof

Oersetting Nederlânsk-Frysk fan it proaza: Ammerins Moss-de Boer

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

www.elikser.nl

Printwurk: CSL digitaal B.V.

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Foto foarside: Jos Lammers

Genre: libbensferhaal en blomlêzing poëzy

Dit boek is mei ta stân kommen troch stipe fan de provinsje Fryslân foar de oersetting en foar de útjefte. Ek tank oan de Ottema-Kingma Stichting foar harren bydrage.

provinsje fryslân
provincie fryslân



OKS
Ottema-Kingma Stichting

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatysearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Skitterje en skûlje

Jimladream, it libben fan in bipolarêre dichter

Marian Hulshof & Jacobus Q. Smink



Jacobus draacht de gedichten op oan:

Myn âlden *Siemen Smink (1925-2007) en Romkje Eppinga (1926-2011)*

Myn frou *Anja Scholtes (1964-2010)*

Marian draacht it proaza op oan:

Jacobus Q. Smink (1954-2024)

‘Freegje my net wat echt bard is. Ik wit net mear wat echt bard is. Fan it momint ôf datst skreaun hast oer wat echt bard is, is dat wat bard is, skeind... De feiten binne net mear beskikber.’

Lore Segal (2024)

‘De dingen yn it libben dy’t wy it leafst ferbergje wolle, binne ek de meast universele. Sy benimme, soarge foar kontakt en ferbining mei oaren. Ekspresje is in remeedzje tsjin depresje.’

Francine Oomen (2023)

Privacy

Om de privacy te garandearjen, wurde yn dit boek allinnich ûnderfinings en feiten neamd dy’t troch Jacobus, famyljeleden en oare belutsenen ferteld binne, wêrby’t dúdlik makke is dat publikaasje tastien is, of dy’t op oare wizen iepenber bekind binne. Yn gefallen fan twivel is tastimming frege fan de belutsenen.

As immen fynt dat syn of har privacy skeind is, jou dit dan oan by de útjouwer.

Ynhâld

Foarwurd	13
Oan Jacobus	15
1 Jong (1954-1977)	17
Mem en heit	17
Omketsje (1968)	23
Broers en susters	25
Fereale (1969)	26
Fitrines mei diggelguod (1973-1977)	30
2 Heit Jacob (1977-2003)	33
Utskroevenens (1977)	33
Obsesje (1984)	36
Wite útlit (1988)	40
Sy laket (1988)	45
In bytsje mear pit (1990)	46
Romy (1992)	47
Motor (1996)	51
Gesjong yn hûs (1998)	53
Húslik geweld (2003)	56
3 Geastlike tommeling (2003-2011)	61
Depresje (2004)	61
Tsjeppe Ingelske frou (2005)	64
Iepen doarren (2006)	67
Sondelfal (2009)	73
Is Anything Wrong (2010)	77
Mongoal (2011)	78

4 Wurkleas (2011-2018)	83
Talkpoeier (2011)	83
Hongaarsk aventoer (2012)	87
Rjochtsaak (2013)	89
Gysbert Japicxpriis (2013)	93
Fakânsje en lollies (2014)	99
Dakleazeopvang (2015)	101
Se non è vero, è ben trovato (2016)	102
Psychiater (2017)	107
Tirade (2018)	108
Jild (2018)	109
Famke (2018)	110
Bakstiennen (2018)	112
5 Moeting mei de dea (2018-2021)	115
Sikehûs (2018)	115
Refalidaasje (2018)	117
Bloednoas (2019)	121
Fiifensechstich jier (31 jannewaris 2019)	123
Astronautefoer (2019)	129
Nana Mouskouri (april 2019)	130
Bernewinsk (oktober 2019)	132
Ferskinen en ferdwinen (13-20 oktober 2019)	133
Occupy (2019)	135
Wat ferkeards (22 oktober 2019)	140
Manyske mails (29 oktober 2019)	142
Trije rigels (desimber 2019)	146
It lot fan de Peugeot (2020)	147
Ezel en/of boer (2020)	149
Ofskie fan Eindhoven (april 2020 - desimber 2021)	150

6 Werom nei Sondel (fan 23 desimber 2021 ôf)	155
Tiny house (2022)	155
Polonêse (2022)	157
Soarchpakket (2022)	158
Alkohol en nikotine	159
Kannabis	160
Yn it kleare (2023)	163
Fertroud gearwêzen (2022-2023)	167
Spirituele skoalle (2023)	169
Nondejú (2023)	170
Tsjerke (2023-2024)	173
Gjin 'moarn' mear (2024)	174
Begraffenis (2 febrewaris 2024)	176
7 Weromsjen	181
Gedichten	185
Persoanen dy't neamd wurde	265
Ynterviewde persoanen	265
Rieplachte literatuer	266
Rieplachte websites (seleksje)	267
Fan Jacobus Q. Smink binne earder ferskynd	268
Fan Marian Hulshof binne earder ferskynd	269
Tankwurd	271

Foarwurd

De gedichten fan Jacobus Quiryryn Smink binne de kaai ta syn libben; in libben mei hege hichten en djippe deltes. Wy learden inoar kennen yn 1973, doe't wy beide Nederlânsk studearren yn Grins. Yn 2019 begûn ik op eigen inisjatyf te wurkjen oan in biografy oer him, omdat ik my realisearre dat syn ferhaal behâlden bliuwe moat. It is wichtich foar de literatuerskiednis én as beskriuwing fan de effekten fan in steurnis. Jacobus wie wiis mei it idee dat der in libbensferhaal oer him ferskine soe. It skriuwen waard dreger troch syn bipolêre steurnis, wêrtroch't it foarkaam dat ik fan Fryslân nei Eindhoven reizge om him te ynterviewen en sûnder eat bedijd te hawwen werom koe trochdat er ynienen yn de krisisopfang siet. Fan ein 2021 ôf kaam der regelmjittigens yn syn libben.

Poëzy

Yn de maitiid fan 2023 ferraste Jacobus my mei in fersyk. 'Soesto in blomlêzing gearstalle wolle mei in seleksje fan myn gedichten en soest se yn it Nederlânsk oersetten wolle?' Ik begyp de Fryske taal goed genôch om in seleksje te meitsen út syn gedichten. Mar it oersetten fan Jacobus' assosjative poëzy fan it Frysk yn it Nederlânsk soe foar my, berne yn Gelderlân, in útdaging wêze, hoewol't ik al mear as tritich jier yn Fryslân wenje. Ik stimde ta, omdat ik it in spannende ûndernimming fûn.

Jacobus hat de oersettingen sekuer kontrolearre. Soms rôp in oersetting diskusje op, mar by mieningsferskillen krige Jacobus it lêste wurd. We seagen út en troch in frisisme troch de fingers fanwegen it rym, metrum of ritme. De dichtbondel *Ezel en/of boer*, dy't noch net publisearre is, makke Jacobus yn 2019 ôf. Ek dêrút is in seleksje makke.

Wy besleaten de blomlêzing te kombinearjen mei it libbensferhaal dêr't ik fjouwer jier earder mei begûn wie.

Proaza

Doel fan it libbensferhaal is om de boarne te beskriuwen dêr't de gedichten fan Jacobus út ûntstien binne. De boarne is nau ferweve mei syn bipolêre steurnis, dy't makke dat er ûnremme dichte oer syn emoasjes. De literêre feiten binne respektarre, mar de persoanlike omstannichheden binne

op guon plakken oanpast om de privacy fan belutsenen te garandearjen. Inkelde minsken krigen in oare identiteit yn dit boek. De rin fan de foarfallen is wichtiger as alle details.

Foar it gruttere publyk soarget kennis oer de kontekst fan de gedichten foar in better begryp. Troch it libbensferhaal en de oersettingen wurde de gedichten fan Jacobus foar Nederlânsktaligen tagonklik en foar Frysktaligen begrypliker.

Jacobus wie in kompleks persoan, in bysûnder minske, dy't in libben laat hat mei in soad net-deistige fasetten. Hy wie in talintearre dichter, waans goederjousk karakter beskade waard troch in steurnis dy't diagnostisearre waard doe't er fyftich wie. Hy wie faak ûnfoarsisber en ûnberekenber, sawol foar as nei de diagnoaze. As it gie om it oanlûken of ôfstjitten fan minsken, hie er net in soad grinzen, wêrtroch't er slachtoffers makke. Der wienen minsken dy't net meiwurkje woenen oan dit boek fanwege it beladen ferline.

It libbensferhaal is foar it grutste part basearre op ynterviews mei Jacobus, mar ek mei famylje en freonen. Hy hat my it fertrouwen jûn om alles te bepraten en ik ha gearhing oanbrocht yn it ferhaal. Foar Jacobus wie it fertellen fan syn libbensskiednis wichtich om yn it kleare te kommen mei syn ferline. It ferhaal siet him ticht op 'e hûd. By guon passaazjes skamme er him djip. Dêrneist woe er de ûnreedlike kanten fan syn gedrach ferklearje foar de bûtenwrâld. Ik skriuw as in belutsen rapporteur dy't har eigen aksinten leit, sûnder te oardieljen of dingen goed te praten.

It boek bestiet út seis haadstikken, yn oerienstimming mei it tal bern dat er hat. In sânde bern hie er graach hawwe wollen, en dêrom is in koart weromsjen op syn libben tafoege as haadstik 7. Hy hold bot fan getallesymbolyk. It ferhaal jout in byld fan de man efter de dichter Jacobus Q. Smink. Proaza en poëzy meitsje dit ta in boek fan ús tegearre.

Op 27 jannewaris 2024 is Jacobus ferstoarn. We wienen krekt klear mei it bepraten fan de poëzyseleksje, de oersettingen en de proazateksten basearre op syn ferhalen. Us lêste wurkbesprek wie ien dei foar syn ferstjerren. Syn libbensferhaal ha ik oan him foarlêzen. Dêr geniete er fan.

Ljouwert, 2025
Marian Hulshof

Oan Jacobus

Dyn gedichten binne in emosjoneel lânskip fan dysels. Se binne skreaun mei in soad selsspot, humor en byldzjend fermogen. By it skriuwen wie it by elke dichtbondel dy't ik iepensloech spannend hokker skeakel oan dyn libbensferhaal tafoege wurde soe. Dyn gedichten binne fan in oandwaanlike iepenhertigens, soms ûnbeskamme en ûnbeheind. Net selden hâldst dysels in spegel foar.

Do ferkearst yn ekstaze as it om froulju, dyn bern en it doarp út dyn jeugd giet. Guon gedichten binne in skreau om help, yn oare bringst in swiere depresje ûnder wurden. De soarchsume man, heit en freon komme tefoarskyn, mar ek húslik geweld, in skelpartij of it geniet fan flokken. Boeiend om te lêzen is wat dy troch de holle giet ast oppakt wurdst fanwegen wangedrach en yn de plysjesel bedarrest. Froulju ferliedsto; sels by dyn froulike psychiater bist in sjarmeur.

Froulju binne dyn ûnútputlike boarne fan ynspiraasje, dy't net drûchfalt salang ast libbest. Do besjongst se as muze, se bliuwe muze as de leafde einiget. Do seist: 'Ik moat in frou om my hinne ha.' Wylst ik dit boek oan it skriuwen bin, draachst hieltyd nije leafsten oan dy't yn dit ferhaal ferwurke wurde moatte. Sûnder froulju soe dyn poëzy net bestean.

Sûnder bipolêre steurnis likemin. Dy draachst dyn hiele libben al mei dy mei. Do beskriuwst sekuer wat dêrfan it effekt is op dy: hichten en delten, leafde en ferlies, triomf en wrakseling yn alle skakearringen. Do hast dyn steurnis ferflokt en omearme. Oaren binne der slachtoffer fan wurden, dosels ek. Oer dyn slachtoffers hast yntinse spyt.

Dyn steurnis brocht grinsoergeand gedrach en ferslavings mei. Dyn gedichten binne skreaun ûnder ynfloed fan joints. Dat wie dyn selsmedikaasje. Faak makkest keuzes dêr't dyn omjouwing fan sei: 'Doch dat net.' Just troch wól yn penibele situaasjes te stappen, streamde it bloed troch dyn dichtieren. Se foarmen de boarne foar iepenhertige gedichten. De perioade fan 2018 oant 2024 komt wiidweidich oan de oarder yn dit boek. Oan 'e iene kant omdat ús kontakt nei tsientallen jierren fan ôfstân yntinsivearre, wêrtroch't ik meimakke hoe turbulint oft dyn libben wie. Oan 'e oare kant omdatst in kentering meimakke hast: kaamst yn dyn djipste krisis telâne. Sûnder yngripen fan dyn susters soest dy net oerlibbe

hawwe. Nei fjirtich jier ‘om utens’ keardest yn 2021 werom nei Fryslân, de biotoop fan in Frysk dichter. Do joechst dysels de kâns om in pear jier oan dyn libben ta te foegjen.

It dichtsjen bepaalt dyn libbensritme. As ik dy jûns om tsien oere oersettingen fan dyn fersen stjoer, dan hast se de oare moarns om acht oere korrizjearre. Sels mei dyn swakke sûnens. Altyd belibbest foarfallen op twa nivo’s: fysyk en metafysyk. Beminde frou wurdt muze, many en depresje wurde boarnen foar nije gedichten. Dyn stribjen is om de lytste glimp fan it hegere te pakken, foardat dy fuortglûpt yn it ûnderbewuste. Dyn ynspanningen binne beleanne mei de Gysbert Japicxpriis, de kroan op dyn wurk.

Ik bin ynfiltrearre yn dyn libben. Do hast my dêryn stimulearre. Gjin inkeld ûnderwerp wie taboe. Geandewei krige ik hieltyd mear fan dyn siel te sjen. Us gearwurking wie foar my in ferriking. Dêrom draach ik it boek op oan dy.

Marian Hulshof

I Jong (1954-1977)

Mem en heit

Paaske. *Apàrte fersen* (1983), side 14
koltrui. *Ensafh*, 28 septimber (2021)

Op 31 jannewaris 1954 wapperet de flagge op de tsjerketoer yn Sondel. Der is in jonkje berne yn de Beuckenswijkstrjitte, en prinses Beatrix hat har jierdei. Romkje is achtentweintich as har fjirde bern berne wurdt, har man Siemen njoggentweintich. Se neame him Jacobus, nei twa bruorren fan Romkje dêr't ien fan stoarn is. Siemen seit: 'Wy hawwe der mar ien tusken sitten foar wa't de flagge op 'e toer hinget.' Jacobus hat dy opmerking fan syn heit altyd aardich fûn.

Romkje Eppinga komt út in húshâlding mei acht bern. Siemen Sminck hat allinnich in suster, Tiertje, dy't op 27-jierrige leeftiid stjerft, Siemen is dan tolve. Hy is bedriuwsoffolger op de pleats fan syn âlden, in melkfeebedriuw en hynstefokkerij. In soad pleatsen yn Sondel en omkriten binne eigendom fan frou Heldring, telch út in geslacht fan bankiers, dy't yn in stedsfilla yn Grins wennet. Dat jildt ek foar dy fan de famylje Sminck. Simmerdeis nimt frou Heldring har yntrek yn har simmerferbliuw oan de Sondelerleane. Se giet dan by ferskate boeren del om efkes te sjen en om de hier yn te barren. Guon boeren ûntfangt se thús om de hier yn te barren. Begjin sechstiger jierren keapet Siemen de pleats.

Om 1880 hinne moatte der yn de omjouwing in soad beammen stien hawwe, want yn dy tiid binne der in pear boskwachterswenten boud dy't noch hieltyd bewenne wurde. Nei alle gedachten stienen de beammen om slot Beuckenswyk hinne, dat yn 1885 ôfbrutsen waard. Yn Tresoar, it Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum, is oer it slot in melding fan 24 febrewaris 1885 te finen wêryn't sprutsen wurdt fan 34 perselen houtgewaaks mei swiere en heechstammige iken en ipen, en ek lindes, kastanjes, eskdoarnen, populieren en sparren. Wa't no troch Sondel komt, sjocht sa fier it each rikt flak gerslân ôfwiksele mei pleatsen. In inkelde terp mei tsjerke stekt boppe it flakke lân út.



Romkje en Siemen trouwe yn 1947. Koart nei de brulloft freget frou Heldring oan Romkje om yn Grins it grutte himmelwurk te dwaan. Romkje docht dat twa kear.

It pear kriget njoggen bern, dy't se ôfwikseljend Aldfryske en kristlike nammen jouwe. Harren sân soannen en twa dochters wurde allegearre ferneamd nei famyljeleden. De earste dochter hjit Sietske, ferneamd nei Romkjes mem. De twadde dochter kriget de namme Tiertje, nei de jong ferstoarne suster fan Siemen.

Romkje is in frou mei natuerlik gesach. As se mei har rêstige en desidearre stim it wurd nimt, harkje de oanwêzigen. Yn elk minske sjocht sy it goede, en dêrtroch kriget se in soad positiviteit werom. Siemen is gjin prater, in hurde wurker, strang mar rjochtfeardich. Sietske fertelt dat har heit net meidie oan diskusjes: 'Hy sei gjin wurd tefolle.'

Yn in podcast fan 23 july 2023 op *Omrop Fryslân* fertelt Freark, de âldste yn it gesin, oer Siemen: 'Heit wie betochtsom mar foar de âldste jonges ek strang, wy waarden wolris slein. Foar de jongere bern wie heit mylder. Hy die spultsjes mei se, wat ik noait meimakke ha en my ek net foarstelle koe.'

De húshâlding is Nederlânsk Herfoarme. De bern geane nei de School met den Bijbel yn Sondel. Dêr geane allinnich protestanten hinne, de pear katoliken en iepenbieren yn Sondel geane nei de legere skoalle yn Balk.

Jacobus is motoarysk swak, fytsen leart er earst om syn tolfde hinne. Omdat de pleats fan de famylje Smink bûten de doarpskearn leit, rint er moarns tweintich minuten, op klompen, nei skoalle en middeis werom. Dy klompen binne fan nut wannear't in jonge op skoalle tsjin Jacobus seit: 'Dy Daf fan jim is weardeleas.' Jacobus anderet: 'Allinnich de bannen fan ús auto binne al mear wurdich as dy hiele brommer fan dyn heit.' Mei de klompen fjochtsje se de rûzje út.

Op skoalle leart Jacobus dat Israël gjin kwea dwaan kin. 'Us mem hat yn Israel foar elk fan ús oait in beam kocht. In moai gebeart, mar miskien moat ik dy beam mar ris wei jaan oan in sympatike Palestijn,' seit Jacobus yn 2010 yn in ynterview mei Marita de Jong.

Alle sneinen geane Siemen en Romkje mei de bern nei tsjerke. De tsjinst duorret oardel oere. Se harkje nei de preek en sjonge.

Foar it iten bidt de húshâlding lûdop: 'Heer zegen deze spijze, om Christus' wil amen.'

◀ *De pleats fan de famylje Smink. Foto: Google (fotografearre yn 2024)*

